

# Foar op de webside fan it KFBou oangeande ANBI

## Ad 4 Jierferslach 2023 fan de Bounsskriuwer

### It bestjoer

De hjirûnder steande minsken fan de neamde krite hienen in sit yn it bestjoer:

Jan Bijkerk	Lelystêd	: foarsitter
Kees van der Beek	Hurderwyk	: skriuwer
Hylke de Haan	De Haach	: algemien
Gerrit Stegenga	Apeldoarn	: 2de skriuwer
Gerrita Otten	Utert/Seist	: algemien
Jan Vogel	Hoarn	: ponghâlder

- Mediasaken, kontaktpersoan foar it bestjoer: J.P. Bergmans, [j.p.bergmans@casema.nl](mailto:j.p.bergmans@casema.nl);
- Jan Bijkerk en Gerrita Otten wienen mei ús âld-foarsitter en earelid dhr. Hâns Dijk fertsjintwurdige nei it IFAT;
- Kees van der Beek wie fertsjintwurdige nei de gearkomsten fan de Ried fan de Fryske Beweging.

### **It bestjoer hat yn 2023 in tal kearen gear west op:**

- 10 jannewaris : Taryedingskommisje FBoU100 jier – Hurderwyk;
- 6 febrewaris : Bestjoersoerlis FBoU – Ermelo;
- 17 febrewaris : oerlis mei behear BOER KOK Lelystêd;
- 22 febrewaris : Taryedingskommisje FBoU100 jier – Hurderwyk;
- 15 maart : Taryedingskommisje FBoU100 jier – SIO Swol;
- 15 maart : Bestjoesgearkomste FBoU – fia Teams;
- 25 maart : AG en MYM – Boer Kok, Lelystêd;
- 26 april : Taryedingskommisje FBoU100 jier – Hurderwyk;
- 16 maaie : Riedsgearkomste RFFB – Marsum;
- 7 juny : Taryedingskommisje FBoU100 jier – Hurderwyk;
- 7 juny : Riedsgearkomste RFFB – Ljouwert;
- 13 juny : Oerlis mei bestjoer RFFB – fia TEAMS;

- 5 july : Tarieskingskommisje FBoU100 jier – SIO Swol;
- 28 july : Oerlis Jub.kommisje oer oanmeldingen – Bilthoven;
- 1 augustus : Oerlis mei ferslachjouwer fan Friesland Post – Lelystêd;
- 2 augustus : Tarieskingskommisje FBoU100 jier – Hurderwyk;
- 30 augustus : Tarieskingskommisje FBoU100 jier – SIO Swol;
- 31 augustus : Oerlis Jub.kommisje oer oanmeldingen – Ermelo;
- 12 septimber : Tariesing Jubileumfeest – SIO Swol;
- 15 septimber : ree-meitsje lokaasje Jubileumfeest – SIO Swol;
- 16 septimber : Jubileum FBoU100 – wurdt KFBou;
- 25 oktober : Evaluaasje Tarieskingskomm. KFBou100 jier – SIO Swol;
- 9 novimber : Riedsgearkomste RFFB – Marsum;
- 11 desimber : Oerlis behear doarpshûs ‘de Schalle’ foar AG2024 – Nijeveen;
- 13 desimber : Bestjoersgearkomste KFBou – Lelystêd.

It jier 2023 stie suver hast al hielendal yn it teken fan it Jubileum, dat wy 16 septimber gruts fiere mochten :

## **Fiering 100 jier It Frysk Boun om Utens**

**Sûnt novimber 2019 is een kommisje oan de slach gien om it Jubileum ta te rieden.**

It ferslach hjirûnder is ûntliend oan de digitale krante ‘ItNijs.fr!’ fan 16 septimber 2023. Yn de digitale ferzje stie de kop:

### **GRUT NIJS: IT BOUN WURDT KENINKLIK!**

Oan de Thorbeckeleane yn Swol hingje Fryske flaggen en rûnom wurdt fan ‘e moarn Frysk praat en oranjekoeke iten: yn Wyksintrum SIO is hjoed de jubileumfiering fan it Frysk Boun om Utens; de koepelorganisaasje fan Fryske krite bûten Fryslân, dat hûndert jier bestiet. Foarsitter Jan Bijkerk stiet breed glimkjend yn de doar en besiket mei elke ynkommer te fûstkjen.

Om alve oere set de foarsitter mei it programma út ein. Der wiene noeden oer it fuortbestean, seit er yn syn taspraak en in stikmannich krite moast belies jaan, mar der binne no noch tolve oer. En hy ferdútst: de basis leit yn de ekonomyske krisis yn de twadde helte fan 19de iuw, doe’t in protte Friezen migrearren, mei noch in emigraasjeweach nei de Twadde Wrâldoarloch.

Friezen yn harren nije wenkritten hiene ferlet om mei-inoar harren taal, kultuer en identiteit te belibjen. En stadichoan sochten de ferskate pleatslike kritten kontakt mei-inoar. Uteinlik late dat ta de oprjochting fan in oerkoepeljend bûn, juster presys hûndert jier lyn. Yn de moderne tiid is der minder ferlet om inoar op te sykjen, dat noed om de takomst bliuwt. Mar hjoed is it feest.

Dan komt Kommissaris fan de Kening yn Fryslân Arno Brok oan it wurd. As nije Fries snapt er eins net dat alle bûten-Friezen yn de seal net mear yn Fryslân wenje wolle, sa seit er mei in tsjokke knypeach.

En dan hat de Kommissaris grut nijs: sjoen it ûnbidige belang fan it Boun foar de Fryske taal en kultuer hat de Kening kediisd dat it Boun tenei it predikaat KENINKLIK fiere mei! Tegearre mei deputearre Eke Folkerts langet Brok de byhearrende oarkonde oer oan foarsitter Bijkerk. Dy ljochtet noch ta dat it nijs harren suver hast oer it mad kaam, want it predikaat wie wol oanfrege, mar pas op it lêste stuit is dúdlik wurden dat it takend waard.

Lykwols stean der oranjekleurige sûpkles klear om der op te toasten. En Grytsje Kingma en Rob du Jardin sjonge der yn 'e mande mei de seal in fleurich liet oer.



*Utrikking fan it predikaat. Omrop Fryslân sit boppe-op it nijs*

Dêrnei hâldt de foarsitter fan de Keninklike Feriening De Friesche Elf Steden, Wiebe Wieling, in persoanlike taspraak. Oer Friezen om utens mei langstme nei it heitelân. Oer nije Friezen dy't ynearsten net nei Fryslân ta woene en der no net

mear wei. Oer al dy frijwilligers dy't harren altyd wer ynsette foar de Alvestêdetocht. Dat hat allegearre te krijen mei deselde bân dy't de minsken yn de seal ek fiele.



Yn it grôtfolle programma is der dan de útrikking fan in jubileumboek oan de skriuwer Hâns Dijk, en de útjouwer Jitske Kingma. It boek giet oer it djippe wêzen fan de Fries om utens. Dêrnei fannijs in optreden fan it sjongduo mei ûnder oaren it liet 'Ik kom út Fryslân', mei ynmoed en in Frânsk aksint mar wol yn tige geef Frysk songen troch Rob.

Nei de lunsj, doe't de kriteleden de gelegenheid krigen om de oarkonde fan tichteby te besjen, is der in optreden fan it man- en froumachtich Bounskoar, gearstald út de koaren fan de krite Swol, Lelystêd, Boadegraven en Twinte, ûnder lieding fan Jelma Wiegersma. It optreden mei sawol ferneamde as minder bekende Fryske lieten rispet in steande ovaasje.

Dêrnei moat trûbadoer Gurbe Douwstra der lykme-allinne mei rêde, mar dat slagget him skoan. Hy fernijt it omsittend laach dat er in spyllyst opdroegen krige hat fan de foarsitter. Dêr koe er him lykwols hielendal yn fine. De lêste kulturele bydrage is in spesjaal foar dizze gelegenheid gearstald optreden fan teäterselskip Hymphamp mei sketskes en ferskes, sa út en troch gefoelich mar meastentiids hilyrsk. It skrillet der ek net foar tebek om it omsittend laach te begekjen. Sa wurde de Bûtenfriezen op it harspit nommen om harren âldfrinzige idioom mei wurden dy't Friezen yn Fryslânamper mear neikomme kinne en ferfryske plaknammen lykas Swol en Utert, dy't gjinien fierders brûkt.



It programma rint aardich út en it is al om healwei seizen hinne as de dei ôfsletten wurdt mei tankwurden foar de jubileumkommisje en guon helpers, sûnder wa't

it feest hjoed net mooglik west hie en in slotwurd fan de foarsitter dy't de dei nochris oereidet.

Lykwols wie it feest noch lang net dien, want der folge in sûpke en in waarm en kâld buffet, foar de sammele Friezen dy't foarearst noch net útpraat wiene.

***Noat fan de skriuwer fan it KFBoU:***

*Dit Jubileum is finansjeel mei mooglik makke troch:*

- *Douwe Kalma Stifting*
- *Jan Roelof Geertsma Fonds*
- *Ried fan de Fryske Beweging*
- *It Frysk Amateur Toaniel (IFAT)*
- *Provinsje Fryslân.*
- *38 advertearders en stipers 'yn natuera'*

***Tige tank !***

2023 is yn meardere opsichten in bysûnder jier west: beheinings troch koroana wienen der lokkich dit jier net mear en koe alles wer 'gewoan' trochgean, al is by in tal krite de huver noch grut om inoar op te sykjen yn krite-ferbân. Yn gearwurking mei it bestjoer fan de Sékrite fan Lelystêd is de AG en tagelyk de Moetings- en Ynspiraas-jemidde fan 25 maart opset.

Yn juny liet Hylke de Haan witte as bestjoerslid fan it Boun der mei op te hâlden fanwegen syn sûnens, mar ek koe Hylke him net goed fine yn it belied fan it Boun.

**Eareleden**

De list mei eareleden fan it Boun seach der sa út – sjoch ek side 36:

- Stoffel Haagsma fan De Gordyk;
- Sjoerd D. A. Bakker fan Hoonhorst;
- Hâns Dijk fan Boadegraven.

## **It Boun**

Mei 12 oansletten kriteren gongen wy it jier 2023 yn mei 1048 kriteleden – oan de ein fan it jier wienen der noch 980. Al mei al wer 68 Friezen om utens minder.....

Yn it ramt fan PLAN23 binne der oant no ta sa'n 130 e-mailstipers fan it Boun. Sels út Nij Seelân, Tasmanië, Kanada, Dútslân, Denemarken en Spanje binne der e-mailstipers.

## **De Dielen**

Fan sawol it diel Midden-Nederlân, foarme troch de kriteren Hilversum, Utert/Seist, Lelystêd en Hurderwyk as it diel Noard, foarme troch de kriteren Assen, Meppel, Roan en omkriten, Súdeast Drinte en Swol, is dit jier gjin gearkomste west.

## **Ledetal**

Sa as al by It Boun beskreaun is, is it ledetal opnij tebekrûn.

Mei PLAN23 is de oanset jûn ta in nije loat oan de stambeam fan It KFBou: it tebekrinnen fan it ledetal by de kriteren is bekend: âlde leden, dy't der by weifalle, mar suver hast gjin nije jonge leden. De bestjoeren fan de kriteren dogge alle war om elk winterskoft wer in kreas programma foar de leden op priemmen te setten. It binne benammen de leden dy't de fakatueres yn de kritebestjoeren opfolje en sa der foar soargje dat der stjoer jûn wurdt oan it kritelibben: alle lof dêrfoar!

Selskippen fan bytiden wit hoe fier út Fryslân komme de jûn foljen; dy kostje hannen fol jild en mei it tebekrinnen fan it ledetal rinne ek de ynkomsten werom. Yntarre op it kaptaal fan de krite kin men net tefolle en te lang dwaan en dan wurdt it programma al gau skraler en minder oantreklik. It bestjoer fan it KFBou is al in tiidlang dwaande om yn gearwurking mei it IFAT, STAF en Keunstwurk in nije organisaasje fan 'e grûn te krijen, dy't foar de Provinsje Fryslân oantreklik genôch is om de belangen te behertigjen fan it Frysk Amateurtoaniel om dat ûnder ien nûmer te stypjen. Yn 2023 soe dy nije organisaasje fierder hannen en fuotten krije. Dit is oppenij efterop rekke. It Boun hat kontakt hân mei Geert Louwes, de foarsitter fan STAF. Yn maart 2021 is se fia de rjochter de namme STAF omsetten yn de namme '**lepen DoEk**', in nije feriening, dêr't KFBou ek lid fan wurde kin. De ynformaasje oer dat wat it KFBou fan dizze nije organisaasje



ferwachtet, is oan harren levere. Wy wachtsje noch op harren antwurd. It ferstjerren fan Geeske Frieswijk, foarsitter fan it IFAT, hat de beslútfoarming lykwols gjin goed dien.....

### **Krite-aktiviteiten**

It jier 2023 is it kritelibben wer ûntteid. De doar gie stadichoan wer iepen: koroana wie net langer mear dwerslizzer, wy mochten wer nei ús fertroude lokaasjes gean. In pear kriteren hawwe oan it begjin fan it jier wer in nijjiersgearkomste holden, en dêrnei binne in soad aktiviteiten wer úteinset. It tal minsken, dat byinoar komme mocht, wie lykwols beheind – men is noch skruten om yn grutter selskip byinoar te kommen..

### **Kriteren**

Foar it oersjoch fan de ledetallen, stiftingsjierren en krite-aktiviteiten ferwize wy nei bylage II (side 40-41 ). Bylage I (side 39 ) jout in oersjoch fan de kritebestjoeren en fan it Bounsbestjoer. De adressen binne aktualisearre nei de tastân fan 31 desimber 2023.

Foar de fierdere útwurking fan de kriteferslaggen folsteane wy mei te ferwizen nei de Ynfomap op ús webside.

De adresgegevens binne foar it grutste part nei de nijste Europeeske AVG-rigeljouwing oanpast en binne dêr ek te finen : [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl). Alle ynformaasje, dy't kriteren sichtber oanbiede yn harren kriteblêden en dy ek op de webside fan it Boun sette litte, moat oan de Europeeske privacy-rigels foldwaan: wa't persoansgegevens fermelt moat betinke, dat elk dêr jierliks tastimming foar jaan moat – de skriuwer fan de krite sjocht dêrop ta en hâldt de administraasje dêrfan by.

### **AVG – Algemene Verordening Gegevensbescherming - Privacy**

Yn it ramt fan de privacywet, de AVG, is elke feriening/krite ferplicht belanghawwenden dúdlik te meitsjen hokker gegevens fan harren frege wurde, mei hokker doel, hokker bewartiid en wa't dêr ynsicht yn hat. Op dit stuit bewarret de skriuwer de neikommende gegevens fan de leden:

- Foarnamme of letter
- Achternamme
- Adres
- Postkoade en wenplak
- Tillefoannûmer
- E-mailadres



Dizze gegevens binne allinnich yn te sjen foar de bestjoersleden en wurde ferwidere út it systeem op it stuit dat men opseit of komt te ferstjerren. We brûke de gegevens allinnich mar om kontakt mei jo op te nimmen yn it gefal fan need, it stjoeren fan berjochten, nijsbrief en de rekken. De gegevens wurde nea sûnder tastimming oan treden oanbean.



### **De Ried fan de Fryske Beweging**

Kees van der Beek is út namme fan It Boun fertsjintwurdiger nei de Ried fan de Fryske Beweging.

### **Ferslach Riedsgearkomste RFFB 9 novimber 2023**

ôfhelle fan ItNijs.frl fan 12 novimber 2023

Wat de lêste tiid de Grutte Ried neamd waard, wie eartiids bedoeld as it úteinlike bestjoer fan de Ried fan de Fryske Beweging. Om't dat al lang



net mear sa wurke en it Deistich Bestjoer yn de praktyk feitliks sels de Ried fan de Fryske Beweging wurden wie, is de organisaasjestrúktuer by dy situaasje oanpast. De nije konstellaasje krige ôfrûne wike syn beslach.

Tongersdei 9 novimber kaam de Grutte Ried gear. Fanâlds wurdt sa'n gearkomste twa kear jiers hâlden. Yn de Grutte Ried binne Fryske bewegingsorganisaasjes fertsjintwurdige. Stipers fan de Ried fan de Fryske Beweging binne dan ek wolkom.



Dit jier hat dy Ried syn karbrief feroare. Foar de bân mei de efterban foarmje Fryske bewegings-organisaasjes tenei mei-inoar in Advysried. De Ried fynt it lykwols wichtich om in bredere efterban te fertsjintwurdigjen en wol de Advysried dêrom útwreidzje mei mear organisaasjes dy't warber binne op it mêd fan Fryske taal en kultuer. De nagelnije Advysried moast fuortendaliks teset yn syn nije rol. It bestjoer frege nammentlik om advys oer hokker organisaasjes yn de Advysried hearre.

*Op syn earste gearkomste frege de nije Advysried fan potinsjeel oan te sluten organisaasjes 'beweging' op it mêd fan Fryske taal en kultuer. Der waard ornearre dat se gjin 'bongel oan de poat' wurde moatte foar de Ried fan de Fryske Beweging.*



*De útkomst fan de diskusje yn de Advysried.*

Ponghâlder Arjen J. Dijkstra hie it ynternet ôfsneupt nei logo's fan organisaasjes dy't by de Fryske Beweging passe. De Advysried koe dêrop reagearje. Konklúzje is dat it wichtich is om goed kontakt te hawwen mei ynstitúsjes lykas de Afûk en Tresoar, mar dat dy net yn de Advysried hearre. Frijwilligersorganisaasjes dy't posityf foar de Fryske taal en kultuer oer steane, al. Ut soarte binne dat klups dy't dwaande binne mei kulturele uteringen yn it Frysk, lykas it Skriuwersbûn en it Obe Postma Selskip. Mar bygelyks muzyk- en sportorganisaasjes as it Frysk bûn foar sjongkoaren en de SKS, dy't ommers likegoed bydrage oan de Fryske kultuer, passe der allyksa by. Ofpraat wurdt dat it bestjoer fan de Ried ynkoarten kontakt sykje sil mei tal fan Fryske organisaasjes.

Yntusken hat it bestjoer fan de Ried net stilsitten; [sjoch it lêste nijsbrief](#). Spesjaal neamd waard in ûnderhâld, om yn 'e kunde te kommen mei Eke Folkerts, de nije deputearre foar Fryske taal. It wie in noflik petear, sa wurdt te witten dien, dêr't grif in ferfolch op komt. In petear mei Siebe Knol, de deputearre foar Kultuer, folget ynkoarten. Fierders hâldt de Ried de oanbesteging fan it iepenbier ferfier yn Fryslân yn 'e gaten en sil de Ried de oanbelangjende partijen fergje op it brûken fan it Frysk.

Jelske Dijkstra hat de oanwêzigen foarljochte oer in tal projekten dêr't Mercator, it Europeesk kennisintrum foar minderheidstalen yn Ljouwert, mei dwaande is. Mercator is dwaande mei in grut tal projekten, dy't minderheidstalen befoarderje. De organisaasje ferstjoert geregeld in nijsbrief yn it Ingelsk (dêrfoar oanmelde kin op de webside fan Mercator).

### **Omrop Fryslân**

Sjoch foar in oersjoch fan de stân fan saken it ferslach fan de kontaktpersoan foar de mediasaken, Jan Piet Bergmans by punt 15 fan de wurklist (sjoch side 26-28).

### **Ta beslút:**

In rûzich jier mei in prachtich hichtepunt: 100 jier en dan KENINKLIK wurde! Tige tank foar de noflike gearwurking en foar al it wurk dat ferset is, al wie dat ek dit jier foar guon: oars as oars!

Ik hoop dat it kommende kritejier foar sawol de krite as foar de kriteleden in sûn jier wêze sil, mei gewoan wer in soad nocht en wille.

Kees van der Beek, skriuwer

<b>Fêststeld yn de Algemiene Gearkomste fan 16 maart 2024 yn Nijeveen</b>	
Foarsitter, Jan Bijkerk	skriuwer, Kees van der Beek
	